Kening Redbad stridet tsjin fernijing

Se binne ûnspylber en ûnlêsber, de fiif keningdrama's fan Douwe Kalma. Lykwols doarde Eric Hoekstra it oan en bewurkje se ta in lokaasjefoarstelling foar SULT.

SIETSE DE VRIES



In sêne út 'Redbad'. Yn ferbân mei de hurde wyn waard repetearre op in gersfjild, tichtby de eigentlike lokaasje.

FOTO LC/JAN DE VRIES

Redbad' fan SULT – it SUdwesthoeke Lokaasje Teater – giet tongersdei op it Suderstrân by Starum yn premiêre. Dêr is hiel wat oan foarôfgien.

Fiif jier lyn krige artistyk lieder Pieter Stellingwerf fan SULT it toanielstik 'Aldgilles' foar it earst fan immen te lêzen: oft er dêr wat mei koe? Stellingwerf lies deryn en kaam al rillegau ta de konklúzje dat it net om troch te kommen wie. Hy hat it oan kant lein.

Pieter Stellingwerf: „Twa jier letter kaam Bart van der Wal fan de Teatertún yn Riis dermei oan. Hy hie wat dingen yn Keltyske sfear by him yn 'e tún dien, dit soe dêr moai by oanslute. Wy binne doe nei Bouke Oldenhof gien, dy is ôfstudearre op Douwe Kalma. Hy wist net wat er dermei moast en ferwiisde my troch nei Klaas Bruinsma."

Ek Bruinsma - bekend fan syn oersettingen fan klassikers yn it Frysk - rôp net daliks jûchhei. Mei syn „Kalma is te grut foar my" wynde er him diplomatyk foar de opdracht wei. Dichteres Albertina Soepboer sette Stellingwerf op it spoar fan Eric Hoekstra fan de Fryske Akademy. Dy hat in hiele rige Shakespeare-oersettingen fan Kalma omstavere yn hjoeddeisk Frysk en opnij útjûn. Hoekstra - „ik wist net dat ik fjirde kar wie, Pieter" - doarde it oan en gean mei de minsken fan SULT om 'e tafel sitten.

Earst hat er 'Aldgilles' lêzen sa't Douwe Kalma dat yn 1920 skreaun hat. Letter hat Kalma op grûn fan dat stik fiif nije keningsdrama's skreaun: 'Thied', 'Aldgilles', 'Ydwine', 'Leafwyn' en 'Redbad'. Ek dy hat er lêzen.

Monologen

Hoekstra: „Al dy stikken binne like hopeloas, it is Kalma op syn slimst. Gjin libbene dialogen, mar monologen sûnder ein, fol abstraksjes en holle frasen. Toanielskriuwe koe er absolút net. De stikken hawwe itselde euvel as syn gedichten. Douwe Kalma hat op grûn fan al syn kennis in dúdlik idee oer de kritearia dêr't in goed toanielstik of gedicht oan foldwaan moat en dêr besiket er nei te hanneljen. Dat lêst nimmen foar syn plesier."



Eric Hoekstra: „Sels karakters of in plot betinke, koe Douwe Kalma net."

FOTO LC/NIELS WESTRA

„As oersetter ha'k Douwe Kalma heech. As in oar foar de ynhâld soarget wit Kalma dat mei syn behearsking fan de taal en de literêre foarmen om te setten yn geef, lêsber Frysk. Mar sels karakters of in plot betinke, koe er net. Alles is like droech en toar. Hy koe of doarde himsels net te jaan. Miskien dat it kaam om't er homo wie en dêr net oer skriuwe koe. Obe Postma koe dat sublimearje: dy skreau oer in jongfeint en in jongfaam wylst er miskien wol oan twa jongfeinten tocht. Kalma koe dat net."

Yn oerlis mei de minsken fan SULT hat Hoekstra fan 'de eangst foar it nije' it haadtema fan 'Redbad' makke. Der is net folle oerlevere út de sânde ieu, mar wol is bekend dat de Fryske kening Aldgilles de kristenen mear romte foar har bekearingsaktiviteiten joech as Redbad. De lêste woe de eigen heidenske goaden en syn folk op alle mooglike manier beskermje tsjin de oanwaaksjende ynfloed fan it kristendom.

Ferset

Stellingwerf: „Dat ferset tsjin it nije is fan alle tiden. Ik wenje yn Himmelum, dêr freegje de bewenners har ek óf wat der fan har doarp en identiteit oerbliuwt no't Nijefurd opgien is yn dy grutte gemeente, Súdwest Fryslân. De Friezen freegje har ôf wat der fan har oerbliuwt as se opgean yn ien noardlike provinsje, Nederlân pleatst fraachtekens by Europa."

Eric Hoekstra hat fan de fiif stikken fan Douwe Kalma in hiel nij stik makke - „bewurkje wie gjin opsje" - , yn de repetysjefase hat regisseur Pieter Stellingwerf ek nochris oer de tekst gear west. Stellingwerf lit it stik begjinne mei de dea fan kening Aldgilles. Redbad komt nei tweintich jier ballingskip op Helgolân werom nei Fryslân om syn heit te beërdigjen. Dan ek komt er yn 'e kunde mei syn soan Leafwyn dy't er troch de ballingskip net earder sjoen hie.

Geandewei it stik wurdt dúdlik dat Redbad eartiids ferballe is om't er him yn 'e eagen fan syn heit fierste fûl fersette tsjin de nije religy. Sa fûl dat der sels deaden foelen. It wurd 'kristen' falt trouwens yn de hiele foarstelling net. Dêr giet it ek net om, it giet neffens Stellingwerf om it ferset tsjin alles wat nij is.

De tsjinstelling tusken de behâldsucht en it iepenstean foar fernijiing wurdt yn it dekor fan 'Redbad' symbolisearre troch twa grutte objekten. In radarpost hat ta taak alles wat fan bûten komt te ûnderskeppen; in stjoermêst stiet - yn in tiid dat Facebook en Twitter in rol spylje yn politike opstannen - foar it kontaktsykjen mei de wrâld rûnom. Redbad is de man fan de radarpost, Aldgilles en Leafwyn fan de stjoermêst.

Behâldsucht

Stelllingwerf hat ek noch it ien en oar tafoege oan it stik fan Eric Hoekstra. „Redbad wie sa radikaal yn syn behâldsucht dat ik wat teksten fan de webside fan de PVV ferwurke ha yn syn ynaugurele rede as kening. Dat giet oer it ferkwânseljen fan Fryslân, oer de fraach oft oaren it hjir oernimme, oft ús eigen taal hjir aanst noch wol praat wurdt, oft Fryslân der aanst noch wol foar de Friezen is."

It hat der in soad fan dat Redbad yn it oan him wijde stik weiset wurdt as it kweade bist dat al it goede fan syn folle reedliker heit oan kant skoot. Dat is in misbegryp, seit Eric Hoekstra. „As persoan haw ik wol sympaty foar in kening dy't it goede behâlde wol. Mar Redbad is de haadpersoan yn in trageedzje en dy moat fouten meitsje. Piter hat dy fouten wat oanskerpe, dêr haw ik gjin muoite mei. Redbad is troch dy nije teksten net ynienen in objekt fan feràchting wurden, hy is noch altyd in tragysk persoan."

'Redbad' wurdt de grutste foarstelling dy't SULT oait makke hat. Mei it stik wurdt stilstien by it fyftjinjierrich bestean fan it selskip en ek by it feit dat Starum dit jier 950 jier stedsrjochten hat. Redbad hat mooglik in stins yn Starum hân, dat wie ek de reden om it stik – dat earst al foar 2010 op it program stie – in jier út te stellen.

It stik wurdt spile op de kustline fan it Suderstrân foar in tribune mei plak foar 650 besikers. Der dogge trettjin spilers, in band en in koar mei 100 sjongers oan mei.

SULT makket fan 'hopeloas' stik eigentiids teater